

de pompeblêden

Tydskrift foar Fryskje studysje en oryân fan de AFUK

Twataligens en spesjaal ûnderwiis

Jim Cummins



Ynstruksjetaal en learproblemen

Ik wol der de klam op lizze dat der yn in hiel protte lannen yn de wrâld twatalichheidsprogramma's ynfierd binne, benammen yn de lêste tweintich jier. Yn hast alle lannen is wol ûnderfining opdien op dat mêd, ek al is dy lang net altyd op skrift fêstlein of ûndersocht. It twatalich ûnderwiis is, yn ferliking mei it ientalich ûnderwiis, wat langer wat mear de 'normale' situaasje wurden. Yn guon gefallen, bgl. yn Afrikaanske lannen, is de ynstruksjetaal noch ientalich Ingelsk of Frânsk, wylst de bern út hiel ferskillende taalfermiddens komme. Dat leit de grûnslach foar d' ien of d' oare foarm fan twatalich ûnderwiis. Der binne situaasjes dy't yn mear as ien opsicht te ferlykjen binne mei dy yn Fryslân. Dat wol sizze dat de ûnderfinings yn dy situaasjes potinsjeel fan belang binne, bgl. de ûnderfinings dy't yn Ierlân opdien binne. Ik haw al wiisd op myn eigen wjerfarren yn in twatalige skoalle. De lêste jierren nimt it tal skoallen ta dat fakken ûnderwiist yn it Iersk, njonken it Ingelsk. Der is ek ûndersyk dien by dy skoallen. Ik haw sels ûndersyk dien yn Ierlân yn de twadde helte fan de jierren '70. It hat dêrby bliken dien dat troch de bilinguale oanpak it Iersk hiel goed syn gerak krige, sûnder dat soks skea die oan de memmetaal, it Ingelsk. Yn Wales hawwe se deselde ûnderfining. Ek dêr binne de útkomsten fan ûndersyk hiel befriedgjend. Koartlyn is in rapport (yn it Ingelsk, it Frânsk, it Spaansk en it Baskysk) ferskynd oer de ûnderfinings yn Baskelân. De ynfloeden fan in stikmannich faktoaren op it learen fan Baskysk wurde beskreaun. It is it tredde rapport oer de evaluaasje fan ferskillende programma's dy't yn Baskelân útfierd wurde.

Twatalichheidsmodellen

Yn model A wurdt it Baskysk allinnich as fak oanbean. De bern hawwe yn 'e haadsaak in Spaansktaalige eftergrûn. Se krije it Baskysk in healoere deis en dat fiif dagen yn 'e wike. Yn model B wurdt de helte fan de tiid it Baskysk brûkt en yn de oare helte Spaansk. Yn model D wurdt 80% fan de ynstruksje yn it Baskysk jûn.

De resultaten komme hiel goed oerien mei wat der bekend is fan oare lannen. Yn model A leare de bern in hiel lyts bytsje Baskysk. De feardichheden

ferstean en praten wurde yn dat model tige beheind ûntwikkele. Yn model B wurdt de helte fan de tiid it Baskysk brûkt en de bern dogge it folle better. De bern yn model D dogge it it bêste.

No soe der ferûndersteld wurde kinne dat troch it Baskysk yn 80 of 50% fan de tiid as ynstruksjetaal te brûken, soks liedt ta negative effekten op de feardigens yn de memmetaal, it Spaansk, of de mearderheidstaal, as it giet om bern mei in Baskyske eftergrûn. Undersyk lit sjen dat soks nèt it gefal is. Ut it hifkjen fan bilinguale programs, oft se no útfierd

wurde yn Baskelân, Fryslân, Ierlân of Noard-Amearika, komt hieltyd wer nei foaren dat der gjin negative effekten lykje te wêzen as de minderheidstaal brûkt wurdt as ynstruksjetaal. Ek it Baskyske rapport makket ús dat wer dúdlik. Der binne wat de behearsking fan it Spaansk oanbelanget minimale ferskillen tusken bern dy't 80% fan de tiid mei it Baskysk as medium ûnderrjocht krije en bern dy't dat yn 20% fan de tiid hân hawwe. Spaansk is de mearderheidstaal yn de maatskippij, de measte televyzjeprogramma's binne yn it Spaansk en it oerhearsket op 'e dyk. De bern komme dus frekwint yn kontakt mei it Spaansk. Sels

ferfolch op side 2

Yn dit nûmer:

Jim Cummins: Twataligens en spesjaal ûnderwiis.....	1
K. Zondag: Provinsjale dikteekriich foar bern en folwoeksenen.	7
R. Straatsma: AFUK-kursusnijs...	9
P. de Graaf: Skôgings oer 'Stavering' en it 'A-boek'.....	10
G.H. Vledder: Frysk Skoalwurdboek.....	12
J. Weening: Mei de taal te set (14).....	14
R. Straatsma: Utliening yn 'e bibleteken.....	15
R. Straatsma: Berneboekesjuery 1992.....	15
G. van Veen: Puzelrubryk (14).....	16
W. v.d. Schaaf: W.F.H. Visser: Skoalmaster-ferteller (2).....	18
W. v.d. Schaaf: Foar de basis.....	20
Oer de grins - Gudrun Mebs.....	22
R. Straatsma: Foarlêskriich.....	23

as bern in program folgje wêrby't it Bas-
kysk in grut part fan de tiid as fiertaal
brûkt wurdt, dogge se it noch hiel goed
yn it Spaansk.

Nij-Seelân

Twa jier ferlyn haw ik twa moanne oan
de oare kant fan de ierde west, yn Nij-
Seelân. Ik koe sa prachtich oan de Kana-
deeske winter ûntkomme. De bilinguale
programs dy't dêr ynfierd binne, meitsje
romte foar de taal fan de Maori's, in yn-
lânske, lânseigen taal. It binne opmerkli-
ke programs. Se biede hiele jonge bern,
fan de âldens fan in heal jier ôf, in 'taal-
nêst', dêr't dy bern Maorysk leare kinne
as earste taal, omdat de taal brûkt wurdt
troch Maori-beppen en oare minsken. It
binne foar-skoalske programs. De bern
wurde letterlik fan it alderearste begjin
ôf ûnderdomepe yn ('immersed in') de
taal. Op dy wize kin in taal ta nij libben
brocht wurde, in taal dy't yn de ôfrûne
jierren dramatysk efterút gongen is. De
lju dy't it Maorysk floeiend prate koene,
wiene allegearre al oer de fjirtich. Dy
oanpak wurdt trochset yn 'Maori Im-
mersion Programs' yn de skoalle. It Ma-
orysk wurdt dêrby winliken de hiele
skoaldei troch brûkt. Yn dat programma

De Pompeblêden

Tydskrift foar Fryske stúdzje en or-
gaan fan de AFUK.

Utjefte: Stifting Algemeine Fryske Un-
derrjocht Kommissje.

Redaksje:

S.T. Hiemstra

J. Jongsma

W. van der Schaaf

R. Straatsma (einredaksje)

Fêste meiwurkers:

A. Boersma-van der Mark

P. Breuker

A. Dijkstra

E. Knotter

J. Weening

Adres fan redaksje en administraasje:

AFUK,

Emmakaai 2,

Postbus 53, 8900 AB Ljouwert.


De Pompeblêden wurdt op syn minst
fjouwer kear jiers tastjoerd oan de sti-
pers fan de AFUK.

Stiper kin elkenien wurde troch f 25,—
oer te meitsjen op girorekken 1428504
fan de AFUK te Ljouwert.

krije de kultuer en de tradysjes fan de
Maori's goed har gerak. De bern lykje it
net allinnich tige goed te dwaan yn it Ma-
orysk, mar ek yn it Ingelsk.

Ameurika en Europa

Dat sjogge wy ek yn Amearika en Kana-
da. Ek dêr binne yn programs dêr't de
minderheidstaal sintraal stiet, de resulta-
ten yn it Ingelsk goed. Dat giet nei alle
gedachten op foar eltse mearder-
heidstaal. Dy is letterlik 'yn 'e loft'. De
bern snuve dy op. Se kinne der net foar-
wei. Wat de bern leard hawwe yn de
skoalletaal (de minderheidstaal), bringe
se tige fluch oer yn de mearderheidstaal
fan de maatskippij. Dat is it tema dêr't
it my benammen om giet! Ik wol ek
koart wat sizze oer oare ynternasjonale
ûnderfinings op dit mêd. Ik kin net
folslein wêze. Ik wol Spanje neame (Ka-
taloanje) en Frankryk (Bretanje). Oeral
op 'e wrâld wurde programs ynfierd om
bedrige talen wer nij libben yn te blazen.
Ek yn de Feriene Steaten treffe wy pro-
grams oan, benammen foar it Spaansk,
dy't de minderheidstaal foar in part as
ynstruksjetaal brûke. Ek de ûnderfinings
mei de programs dêre stimme oerien mei
wat ik earder sein hawwe. Ik wol dy yn-
diele neffens fjouwer prinsipes.



Ientaligens . . .

Fjouwer prinsipes

De foarsitter sei niiskrekt al dat der neat
sa praktysk is as in goede teory. Dy fjou-
wer teoretyske prinsipes hawwe in alge-
meine jilding en binne net bûn oan ien
lân.

1. It earste wurdt it '*additive bilingual
(bilingualism) enrichment principle*'
(it prinsipe fan de mearderjende twa-
taligens) neamd. Dat wol sizze dat de

bern harren taalfeardichheden, ek it
lêzen en skriuwen, yn twa talen ûnt-
wikkelje. In twadde taal wurdt tafoe-
ge oan har kennisrepertoire, sûnder
dat se har earste taal kwytrettsje. Wat
der bart, is dat twataligens guon
aspekten fan it yntellektuele en lin-
guïstike funksjonearjen fersterkje
kin. Dêr kom ik aanst op werom.

2. It twadde is it prinsipe fan de ûnder-
linge ôfhinklikens, it '*linguistic inter-
dependence principle*', d.w.s. dat der
op kognityf nivo, op in djipper nivo
fan taalûntwikkeling, fan de iene taal
in protte oerbrocht wurdt op de oare.
Dat hâldt bygelyks yn dat as in bern
yn it Frysk in begryp ('concept') ûnt-
wikkele hat, dat begryp net wer op 'en
nij leard wurde hoecht yn it Hollânsk.
Dat begryp is der dan al. It Hollânske
wurd ('term') of de omskriuwing fan
dat begryp moat wol oaneigene wur-
de, it begryp sels net wer. In bern dat
yn it Frysk kloksjen leart, hoecht it
begryp 'kloksjen' en de betsjutting, it
doel fan kloksjen, net mear te learen.
De Hollânske wurden om de tiid wer
te jaan kinne noch ûntbrekke, it kon-
sept sels is oanleard. It ûndersyk op
dat mêd leart ús dat der in sterk posi-
tyf ferbân is tusken de teoretyske
(*'academic'*), skoalske ûntjouwing
fan bern en de twatalige oanpak fan
de taal.

3. It prinsipe fan de '*sufficient commu-
nicative interaction*'. Der is, lyk as ik
al earder sein haw, in grut ferskil tus-
ken it ûntwikkeljen fan de feardigens
om mei oaren yn de taal te kommuni-
searjen en it ûntwikkeljen fan teore-
tyske feardichheden.

Men kin soks sjen by ymmigrantebern
dy't al jong Kanada of de USA yn-
kommen binne. Dy leare yn in pear
jier floeiend Ingelsk. Yn dy tiid haw-
we se alle aspekten fan de taal leard.
Se ferskille net folle mear fan de 'nati-
ve speakers' út bgl. Kanada. Soe dat
op in teoretyske ('academic') wize
oanpakt wurde, dan duorret it learen
fan de taal folle langer, wol sa'n 5 à 6
jier.

4. It fjirde prinsipe is it '*interactive pe-
dagogogy principle*'. It giet no om de wi-
ze dêr't de taal op ûnderwiisd wurdt.
Dat hat te krijen mei wat ik al earder
sein haw. As wy in taal floeiend leare

Jim Cummins, heechlearaar oan it Modern Language Center fan it Ontario Institute yn Toronto (Kanada), hat fjouwer jier ferlyn in besite oan Fryslân brocht. Hy hat doe yn Ljouwert op it Provinsjehûs sprutsen op in ynternasjonaal symposium oer twataligens en twatalich ûnderwiis (okt. 1987). Syn referaat hie as titel *Language and Literacy Acquisition in Bilingual Contexts*. It is opnommen yn it tydskrift *Journal of Multilingual and Multicultural Development* (10 (1989) 1, s. 17-31).

Op 9 okt. 1991 wied er wer yn Fryslân. No fanwegen in stúdzjedei foar it spesjaal ûnderwiis, dy't holden waard yn it ramt fan it projekt 'Ynfiering Frysk yn it (Fuortset) Spesjaal Underwiis yn Fryslân'; in projekt dat útfierd is yn opdracht fan Deputearre Steaten fan Fryslân. De titel fan Cummins syn referaat wie *Bilingualism and Special Education*. Ik haw dy ynlieding op in diktafoanbantsje opnommen en aardich folslein yn it Frysk oersetten kinnen. Ik bin dêrby sa ticht mooglik bleaun by de praatstyl fan Cummins. It resultaat jou ik hjirûnder wer.

Yn syn ynlieding jout er in oersjoch fan wat der bekend is oer de effekten fan twatalich ûnderwiis op de teoretyske ûntjouwing fan bern. Hy leit dêrby de klam op de betingsten dy't fan belang binne foar effektyf twatalich ûnderwiis oan bern mei spesjale learproblemen. De lêste tweintich jier binne yn in protte lannen twatalige programs ynfierd en evaluearre. Sa ek yn Kanada, de USA, Ierlân, Wales, Baskelân, Nij-Seelân en Fryslân.

De resultaten fan it hifkjen fan dy programs binne hiel konsistint. As de ynstruksje jûn wurdt mei de minderheidstaal as medium, dan binne resultaten fan de bern yn dy minderheidstaal goed, sûnder dat soks skea docht oan it teoretyske ûntwikkelingsnivo yn de mearderheidstaal. It is ek in útmakke saak dat bilingualisme de ûntjouwing fan it bewustwêzen en it fermogen fan it bern om taal te brûken, fergruttet.

Undersyk dat dien is mei bern dy't learproblemen hawwe, lit sjen dat sokke útspraken ek jilde foar dy bern. Mei oare wurden: twatalige programs binne geskikt foar learlingen fan ferskillende sosjaal-ekonomyske eftergrûnen, ferskillende bekwaamheden en foar dejingen mei ûnderskate learproblemen.

Yn syn ynlieding jout Cummins ek omtinken oan de pedagogyske oanpak dy't it bêste wurket foar learlingen mei learahendikeps. Hy einiget mei in stikmanich suggestjes foar it te ûntwikkeljen belied om taal op in goede wize te hoedzjen en te bewarjen.

Prof. Cummins fertelde dat syn bertehûs yn Ierlân stien hat. Hy is nei Kanada ferfeard doe't er 21 jier wie om dêr wittenskiplik wurk te dwaan op it mêd fan twataligens. Doe't er 7 à 8 jier wie, learde er yn Dublin yn 1 à 2 jier Iersk op in 'immersion'-skoalle (in ûnderdompelingsskoalle). Dat gong sûnder grutte problemen. Hy koe de taal mei freonen en yn 'e bus prate as er fan skoalle nei hûs ta gong. Dat kaam omdat de taal yn de skoalle as 'fiertaal' of 'ynstruksjetaal' brûkt waard. Dêrnei kaam er op in skoalle dêr't it Iersk allinnich in 'fak' wie, alle (fiif) dagen 45 minuten. De taal waard net as kommunikaasjemiddel brûkt. Dêrtroch 'fergeat' er yn de perioade tusken syn achtste en achttjinde jier it measte Iersk dat er leard hie, hoewol't er it goed die op de eksamens yn 't Iersk.

Der is in grut ferskil tusken it learen fan in taal as kommunikaasjemiddel en it learen fan in taal as in akademysk, teoretysk skoalfak. By it learen fan in taal is it fan grut belang dat dy taal brûkt wurdt as kommunikaasjemiddel. Benammen ek foar bern mei learproblemen. As yn Kanada de bern allinnich it Frânsk as 'fak' oanbean krije, sûnder dat dy taal ek as kommunikaasjemiddel brûkt wurdt, dan binne de resultaten lyts.

Sytze T. Hiemstra


wolle te brûken, moat dy taal op in echte, kommunikatieve wize brûkt wurde. As in taal allinnich 'as fak' ('subject') ûnderwiisd wurdt, leare bern moai grif de grammatika, de regels fan de taal. Se sille it ek goed dwaan op eksamens dy't rjochte binne op dy regels. Mar se leare komselden om dy taal op in goede, kommunikatieve wize te brûken.

Mar lit ús weromgean nei it earste prinsipe.

Minderjende en mearderjende twataligens

Ut ûndersyk fan de skiednis fan twataligens docht bliken dat twataligens, benammen yn Amearika, sjoen waard as in kwaan dêr't guon earne bern mei oanhelte wiene. Bilingualisme soe ta learproblemen liede op skoalle. Twatalige bern soene yn 'e war wêze. Se soene in hendikep hawwe, omdat se oanklaud sieten mei twa talen. Se soene oanstried hawwe ta skizofreny. Sokke opfettings moatte ferklearre wurde út de eardere politike situaasje. Gâns ûndersyk is útfierd yn de tiid dat skoallen besochten om grutte tallen ymmigranten te assimilearjen. Dy skoallen straften bern as se in oare taal as it Ingelsk brûkten. Doe kamen de psychologen, om dy bern te testen. Se stelden twa groepen gear en ferliken bern dy't noch mar koartlyn ymmigrearre wiene en faak opbrocht wiene yn in leech maatskiplik fermidden, mei bern fan de midden-stân ('middle class') mei in Ingelsktalige eftergrûn. En út soarte diene de 'middle class'-bern it better as de arbeidersbern ('working class'). Soks is gjin goed ûndersyk, mar it moat yn it ljocht fan dy tiid sjoen wurde as in 'goede' polityk. It 'rjochtfearde' wat skoallen besochten te dwaan.

ferfolch op side 4



Unlykwichtige twataligens . . .

As de twataligens ommers al dy negative effekten by it bern teweibrocht, dan wie it in goed ding en roegje de twataligens út. Yn de testerij waard mei dûbelde mjitstêven wurke. Twataligens soe goed wêze foar de bern fan rike, foarname lju. Foar de bern fan de earmelju soe it in kwaal, in sykte wêze, dêr't fan ôfholpen wurde moasten. Har earste taal moast útroege wurde.

It ûndersyk dat de lêste 20 à 25 jier rûn om op de wrâld útfierd is, lit sjen dat it krekt oarsom is. As bern trochgeane mei it ûntwikkeljen fan twa of trije talen yn meartalige situaasjes, en se ek lêzen en skriuwen leare yn dy talen, dan leare se om taal fan ferskillende kanten te besjen. Se leare dat in selde idee of begryp op ferskillende wizen útdrukt wurde kin. It skerpet it fermogen fan bern om talen te brûken op. It makket har ek better bewust fan de regels, fan de grammatika fan in taal. Se wurde harren der bewust fan hoe't talen yninoar sitte. De negative effekten fan bilingualisme komme allinnich foar as skoallen besykje om fan dy twataligens ôf te kommen. Yn dy gefallen leare bern fan minderheden hiel faak net folle taal. Dat sil ik jimme sjen litte mei in pear tekeningen. Monolingualisme of ientaligens is as it fytsen op ien tsjil: it is aardich as men jin der mei rêde kin. It plaatsje fan de fyts mei it grutte en it lytse tsjil is ek goed, as men jin der mei rêde kin. In twadde taal in bytsje kinne, is op himsels in foarnaam ding. Mar as de tsjillen op in lykwichtiger wize oan de fyts sitte en folslein meiïnoar yn ferbân steane, dan komt men dochs fierder. Wy geane der dêrby fan út dat de fytsmakker syn fak ferstie. Sokke plaatsjes jouwe hiel koart oan wat wy leare kinne fan it ûndersyk oer twataligens.



Hoe sit it mei dy talen?

De werklikheid yn Noard-Amearika wie dat it grutste part fan de bern út it fermidden fan minderheden kaam. Har earste taal, de memmetaal, waard net ûntwikkele en se begûnen har derfoar te skamjen. Dat wie fan dy gefolgen dat der te min ûndergrûn op it mêd fan de begripen oanbrocht wurde koe en dat hie wer in negative ynfloed op it ûntwikkeljen fan feardichheden yn de twadde taal.


Ut in protte ûndersyk witte wy, dat as wy beide talen ûntwikkelje, it kenfermogen, de kognysje, fan it bern fergrutte wurde kin. En dat jildt net allinnich foar bern mei in 'normale' eftergrûn.

Yn de USA hat Robert Raider ûndersyk útfierd by bern mei in twatalige eftergrûn, yn dit gefal bern fan Spaansk komôf.

Se wiene klassifisearre as bern mei in geastlike hendikep, as bern mei in lege yntelliginsje. Se sieten op spesjale skoallen. Hy ferliek in stekproef fan dy twatalige bern mei in stekproef fan ientalige hendikepte bern. Hy krige dêrby ynsjoch yn de wize fan taalwinning en ynformaasjeferwurking by dy twatalige bern. It die bliken dat der grutte oerienkomsten wiene mei de ûndersyksresultaten dy't fûn wiene by bern dy't gjin hendiep hiene. It ûntwikkeljen en ferbetterjen fan har teoretysk ('academic') funksjonearjen as gefolch fan de omgong mei twa talen, ferrûn op deselde wize. Ik hoech net lang te praten om dat dúdlik te meitsjen. As ien twa wurden ta syn foldwaan hat om in selde idee of begryp mei oan te tsjuten en himsels op ferskillende wizen útdrukke kin as er twa of trije talen leard hat, dan hat dy folle mear training hân yn it ûntwikkeljen fan taal. En wat mear men jins ferstân brûkt, wat better dat him ûntwikkelet. Ek it learen fan Frysk draacht dêrta by.

As wy sjogge nei it twadde prinsipe oangeande de ûnderlinge ôfhinklikens fan talen as it om de teoretyske ûntwikkeling giet, dan hat it tekoart oan ynsjoch dêryn yn de USA laat ta in protte problemen. Gâns learkrêften hiene it idee dat foar bern fan Spaanskpratende âlden ûnderwiis mei it Spaansk as fiertaal net goed wie foar de taalûntwikkeling yn it Ingelsk. In hiele protte ûndersyk leart ús lykwols, dat it foar dy bern krekt de bêste wize is om Ingelsk te learen. Wat better as men de kognitive ûntwikkeling

fan de bern yn de earste taal fersterket, wat better as it fûnemint wurdt om it Ingelsk op te bouwen. Sa'n oanpak fersterket ek it gefoel fan bern foar kulturele identiteit, in oanpak dy't hiel oars is as wat de skoalle yn it ferline dien hat. As wy op de tekening hjirby sjogge nei de relaasje tusken talen en wat dat betsjut foar it ûnderwiis (skoallemodel), dan komme wy werom op de ferskillen tusken beskate sprekkers fan in taal. Op har mooglikheden om har út te drukken, om te praten. En op de djipperlizzende mooglikheden om mei begripen ('concepts') om te gean.



It 'linguistic interdependence'-model

It is dúdlik dat talen faninoar ferskille yn oerflaktestruktuer. Sineesk is in hiel oare taal as Ingelsk. Mar de resultaten fan bilinguale programs en gâns oar ûndersyk hawwe ús leard dat der op in djipper nivo, op it nivo fan it begryp ('concept'), in soad oerlaping is.


Der is in ûnderling ferbân dat troch alle talen hinne rint. Dat ferbân wurdt oantsjut as in mienskiplike, ûnderlizzende kompetinsje ('proficiency'). Ik sil dat mei in foarbyld ferdúdkje. Nim no in bern fan Turksk komôf dat as 12-jierrige yn Nederlân oankomt. Dat bern hat yn Turkije, har eigen lân, in goede opfieding en skoaloplieding hân. It bern hat dus in protte begripen ('concepts') ûntwikkele. Lit ús dêr ien útsykje. Lit ús sizze it konsept 'earlikens'. Dat is in abstrakt idee, d.w.s. dat it ûntwikkele wurde moat. It bern hoecht by it learen fan it Hollânske of Fryske wurd it hiele konsept net wer op 'en nij te learen. It begryp is der no ommers al. It freget al-

linnich om in oerflaktestruktuer: it Hol-
lânske en/of Fryske wurd dat by dat
konsept past. Oan sokke begripen kinne
ferskillende foarstellings fan emosjonele
aard (konnotaasjes) ferbûn wêze dy't te
krijen hawwe mei ferskil yn kultuer.
Dochs is der ien kearnbetsjutting. Dy
betsjutting is fûneminteel, basaal. Dat
hâldt yn dat as bern troch ynstruksje yn
ien taal lêzen leare of kennis in teoretyske
feardichheden opdogge, dy kennis ek
oerdroegen wurdt op in oare taal.

Ik gean der dêrby fan út dat it bern kon-
frontearre wurdt mei dy oare taal.

Dat kin dien wurde yn de skoalle troch
twatalige programs of faaks ek wol bû-
ten de skoalle. Ek de motivaasje fan de
kant fan de studint om de taal te learen
spilet in rol. Yn Kanada is in protte ûn-
dersyk dien nei twatalige programma's
dy't rjochte binne op bern mei spesjale
helpfragen ('special needs').

Sa hawwe yndertiid de mienings yn Ka-
nada oer de saneamde 'immersion pro-
grams' (taalûnderdompelingsprogram-
ma's) tige ferdield west. It binne pro-
grams wêryn't it ûnderwiis foar bern mei
in Ingelsktalige eftergrûn foar in grut
part yn it Frânsk jûn wurdt. Wiene sok-
ke programs no gaadlik foar alle bern?
Ut ûndersyk dat dien is yn Montreal
blik dat ek bern út fermiddens mei
taalswierrichheden en oare learproble-
men harren opjûn hiene foar dy twatali-
ge programs. Wat der útkaam wie dat de
foarútgong fan dy bern stadiger ferrinne
koe as dy fan bern sûnder sokke proble-
men, mar dat de progresje deselde wie as
fan bern mei in selde soarte fan swier-
richheden dy't in program folgen dêr't
de fiertaal folslein Ingelsk fan wie. Mei
oare wurden: **troch it twatalige program
kamen der gjin ekstra problemen by!** Ut
dat ûndersyk komt ek nei foaren dat
wannear't guon fan dy bern wer pleatst
wurde yn it Ingelske programma, bygelyks
omdat de learkrêft fan betinken wie
dat it bern it net sa goed die yn it Frânsk-
Ingelske twatalige program en hy de rie
joech om it bern it Ingelske program
folgje te litten, de swierrichheden net
ferdwûn wiene. De swierrichheden haw-
we net te krijen mei de oerflakte-
aspekten fan de taal, mar lizze op it mêd
fan it ferwurkjen fan taal, fan de taal-
ûntwikkeling ('processing language'). It
is in djipper nivo fan taalfeardigens



It byld fan de iisberch

('language skill') en dat ûntstiet yn beide
talen. Wat wy út it ûndersyk leare, is dat,
oft wy no sjogge nei bern mei 'normale'
fermogens ('normal abilities') of nei
bern mei spesjale ferletten, der in protte
bewiis en stipe is foar it feit dat der in
sterke relaasje is tusken talen. Wat better
as bern har earste taal ûntwikkelje, wat
better as har feardichheden ('abilities')
wêze sille yn de twadde taal. Dat jildt li-
ke goed foar bern mei spesjale helpfra-
gen as foar bern dy't har normaal ûnt-
wikkele hawwe.

Yn Noard-Amearika hat nochal wat ûn-
dersyk west. Yn de USA wurde twatalige
programs yn it Spaansk en it Frânsk út-
fierd dy't folge wurde troch bern mei in
tige ferskillende eftergrûn, bgl. in Afri-
kaanske, Aziatyske of Amerikaanske ef-
tergrûn. Dy bern, ek de swarte, dogge it
yn dy programs like goed as bern út in
blank fermidden. Ek as it bern binne út
de arbeidersklasse, dus gauris bern mei
net folle sosjaal-ekonomyske mooglikhe-
den. Se dogge it net minder as yn it regu-
liere ientalige program.

It ûndersyk is op dat mêd tige dúdlik:
bern mei in lege ekonomyske eftergrûn
dogge it yn it bilinguale program like
goed as yn it monolinguale.

Faaks dat wy dêr op weromkomme kin-
ne yn it panel.

Kommunikaasje en ynteraksje

Lit my koart noch in pear dingen sizze
oer twa oare prinsipes. Ik haw it hân oer
de ferskillen yn praatfeardigens en oer
problemen op teoretysk gebiet. Lear-
krêften freegje har ôf oft bern mei teore-
tyske ('academic') swierrichheden dy't in
twatalich program folgje, net better ôf
wêze soene mei in ientalich program. Op

grûn fan ûndersyk kin dy konklúzje net
lutsen wurde. It soe de problemen op te-
oretysk mêd net ferhelpe.

Undersyk yn Montreal hat boppedat út-
wiisd dat as guon fan sokke bern yn it re-
guliere Ingelske program pleatst wurde
en dêr it Frânsk as twadde taal leare, se
praktysk gjin Frânsk leare. De reden is
dat se mear swierrichheden hawwe mei it
learen fan Frânsk as dat los fan de kon-
tekst, mei de klam op de regels en de
grammatika fan de taal, oanbean wurdt.
As se lykwols de taal as kommunikaasje-
middel brûke, dan leare se dy op deselde
wize as se har earste taal leard hawwe.
Per definysje dogge se it minder as bern
dy't gjin hendiikep hawwe, mar se dogge
it like goed as soartgelikense bern út it
ientalige program. Der is lykwols in grut
ferskil op it mêd fan de praatfeardigens
(('conversation abilities')). Wat dat oan-
belanget kinne se yn it Frânsk bûtengewo-
ane prestaasjes ('they may do extreme-
ly well') leverje!

Pedagogyske oanpak

As lêste wol ik noch wat sizze oer ûnder-
syk dat yn de USA dien is by bern mei
learproblemen. De fraach dêrby wie
hokker pedagogyske oanpak oft it bêste
folge wurde kin yn twatalige programs.
Lit ik jimme in pear resultaten fan ien
fan dy stúdzjes oplêze dy't neffens my yn
it algemien fan grut belang binne foar
bern mei spesjale helpfragen. Yn de USA
hat de klam sterk lein op it herfoarmjen
fan it ûnderwiissysteem. Hieltid mear
kaam it aksint dêrby te lizzen op de tiid
dy't bern besteegje oan de taak ('time on
task') dêr't se mei dwaande binne. Der
wie gâns omtinken foar in tige regulear-
re, strukturearre ynstruksjetype, dat
bern oan it wurk en by harren taak hâlde
wol troch har wurkblêden ynfolje te lit-
ten en de hiele tiid regels leare te litten.
De resultaten jouwe oanlieding om te siz-
zen dat dy foarm fan ynstruksje net ge-
skikt is foar bern mei spesjale helpfragen
en in twatalige eftergrûn.

Ik sil de útkomsten fan dy stúdzjes sada-
lik gearfetsje. Teoretyske aktiviteiten
binne tige ferbûn mei de yntinsyfste en
djipste nivo's fan taakbetruksenens
(('task engagement')). Mei oare wurden:
mei teoretyske opdrachten hâldt men dy
bern net oan it wurk. De útfiering fan

ferfolch op side 6

sokke opdrachten wurdt beynfloede troch de ûnderfinings fan de studint, de taaleftergrûn en de belangstelling. Wat it bern foar in taak leare moat, de rol fan de eigen taal dêryn, de persoanlike ûnderfinings en de ynset fan it bern binne wichtige faktoaren. De positive gefoelens by sukses en de grutskens in taak ta in goed ein brocht te hawwen, jouwe bern it idee it learproses oan te kinnen. Ek it gearwurkjen mei en de goedkarring fan oare bern kin de betrusenens befoarderje.

Fierders binne se holistysk ynsteld. En dêr past it learen of it deryn stampen ('drilling') fan isolearre, kontekstleaze ynformaasje net goed by. Dat wol sizze dat de aktiviteiten dy't se dwaan moatte, as in gehiel presintearre wurde moatte yn pleats fan dat de taak opsplittet wurdt yn lytse stikjes sûnder dat dy echt foar har fan betsjutting binne.

It die bliken dat sokke aktiviteiten, it oanbieden fan kontekstleaze learstof en dril oefenings, it leechste taakengaaazjement en it minste sukses opleveren.

Mei oare wurden: foar bern mei spesjale helpfragen dy't in twatalich program folgje, is it tige fan belang dat se learaktiviteiten útfiere dêr't se aktyf by belutsen binne en dat is ornaris sa by it 'brûken' fan taal.


Gearfetting

Goed, lit my nochris koart gearfetsje wat ik sein haw. Ik haw der op wiisd dat wy in kennisbestân ('a body of knowledge') hawwe, dat opboud is troch it hifkjen fan twatalige programs yn in soad ferskillende lannen. Dy kennis kin, mei de nedige foarsichtigens, feralgemiene, generalisearre wurde ta ferskillende situaasjes. Mei oare wurden: hoewol't eltse situaasje unyk is - en ek de Frysk-Nederlânske situaasje is sûnder mis unyk as it giet om de skiednis, de hjoeddeiske programs en de hâlding foar de taal oer - bin ik dochs fan betinken dat der beskate prinsipes binne dy't tapast wurde kinne. Prinsipes dy't algemien brûkt wurde kinne as basis foar ûndersyk en it útfieren fan programs.

Yn it foarste plak is it in feit dat twataligens net in soarte fan kwaal is. It is 'goed' en it is in foardiel foar it skoalske, teoretyske learen as men besiket om foar alle bern it bilingualisme en multilingua-

lisme te befoarderjen. Wittenskiplik ûndersyk is op dat punt tige dúdlik. Bern hawwe der profyt fan as se har yn mear talen rêde kinne.

Yn it twadde plak hoege wy der net oer yn noed te sitten dat der minder tiid bestege wurdt oan ynstruksje yn de mearderheidstaal. Twatalich ûnderwiis is goed ûnderwiis. Wat bern leard hawwe yn de iene taal, drage se oer op de oare. Der is 'transfer' fan it Frysk nei it Hollânsk as de bern yn ûnderwiis en oare fermiddens bleasteld wurde oan dy mearderheidstaal.



Lykwichtige twataligens . . .

Yn it tredde plak is it fan belang om tige omtinken te jaan oan likegoed praatfear-dichheden ('conversational abilities') as teoretyske swierrichheden ('academic difficulties') en om dy beide net trochinoar te heljen. As bern learproblemen hawwe, lizze dy op it mêd fan har teoretyske ('academic') ûntwikkeling.

Mar dat betsjut hielendal net dat se net yn steat binne om har konversaasjefear-dichheden yn twa of trije talen te ûntwikkeljen! Yn de USA, mar dêr net allinnich, hat genôch bliken dien dat ek bern mei slimme skoalske learproblemen dochs redenryk wurde kinne ('develop fluency') yn in stikmannich ferskillende talen.

Yn it lêste plak is it, wat de pedagogyske oanpak oanbelanget, fan belang om de foarm fan de taal (de formele aspekten) en de funksje fan de taal (wat de taal 'docht') byinoar te bringen en tagelyk te kommen ta in echte kommunikaasje, in echte ynteraksje mei learlingen. Dat jout garânsjes foar har belangstelling en motivearret har om taken en projekten út te fieren. Ik bin fan betinken dat soks foar bern mei learproblemen noch mear fan belang is.

Benammen yn de USA hat der in tendins west om de taal op te splitsen en taken op

te dielen yn lytse stikjes, om dêrnei mei in 'drill and practice'-oanpak, troch te stampen en te werheljen, te besykjen de learstof deryn te krijen. Soks liedt ornaris ta oerflakkich learen. De learlingen binne dan net dwaande om taal en har ferstân te brûken. Sa'n oanpak hâldt bern boppedat in tige earmoedich taalmodel foar, dêr't se har oan ûntwikkelje moatte. It is bûtengewoan fan belang om yn de klasse echte ynteraksje te hawwen, learlingen oan te moedigjen om likegoed de taal mûnling as skriftlik te brûken, om har der yn te uterjen en om der projekten yn út te wurkjen.

Yn de twatalige situaasje wolle wy dat bern tagong krije ta twa talen en dy ek leare te brûken. Ien fan de beide neamde opfettings hâldt yn dat troch it learen fan talen ús brein him ûntwikkelet, krekt as by it brûken fan spieren. Wat mear as dy brûkt wurde, wat mear as dy har ûntwikkelje. Dat is ek wier foar taal. As wy de taal net mear brûke, dan reitsje wy dy kwyt. Dat is wol hiel sterk it gefal foar alle minderheidstalen op 'e wrâld. It is bûtengewoan wichtich ('extremely important') om yn de skoalle situaasjes te sykje en te kreearjen dêr't bern yn oanmoedige wurde om dy talen aktyf te brûken.

In ôfslutend wurd

Undersikers kinne gjin antwurden jaan op alle fragen. Dat hie ik wat earder sizze moatten. Dan hiene jimme faaks wat skeptysker nei my harke. Dat betsjut dat der in wichtige rol welein is foar praktisy, foar direkteuren, foar learkrêften en oaren dy't in taak hawwe yn de skoallen, om sels ek dingen te ûndersykjen. Ek al binne der algemene prinsipes dy't tapast wurde kinne, dan is it noch fan belang om fierder te bouwen op de spesifike ûnderfinings dy't jimme opdien hawwe yn jim skoallen en te soargjen dat elts dêr wat oan hat. It soe wêze kinne dat der spesifike problemen binne dy't yn dat ferbân unyk binne, unyk foar skoallen, benammen op it mêd fan it spesjale ûnderwiis. Der is frijwat ferskil yn learproblemen. Der is foar jimme in werklik wichtige rol welein om systematysk jimme ûnderfinings te sammeljen en te evaluearjen. Praat der meïnoar oer en brûk de resultaten as basis foar belied en praktyk yn jimme skoallen. Hâld dêrby ek

rekken mei de útkomsten fan de mear formele research dy't op dat en oar gebiet dien is. It iene is net weardefoller as it oare. It is dus tige fan belang om jimme ûnderfinings op dat mêd systematysk út te wurkjen. Ek al is it ynformele research, it is dochs ûndersyk dat streek-rjocht ferbân hâldt mei de besluten dy't jim nimme en it belied dat dêr it gefolch fan is. ■

Alfde Helgolânreis yn maaie

Op freed 15, sneon 16 en snein 17 maaie organisearret de Fryske Rie syn alfde Helgolânreis. Oars as de tsien eardere kearen duorret de reis dizze kear op fer- syk fan eardere dielnimmers net twa mar trije dagen. It is lykwols ek mooglik foar dyjingen dy't it ferfier sels regelje om op sneon ôf te reizgjen.

Foar de oaren lit de Fryske Rie wer in bus ride dy't de freedtemoarns om fiif oere út Snits ôfreizget, om oer Ljouwert nei Wilhelmshaven ta te riden.

De reis, dy't ienris de trije jier hâlden wurdt, is dê manier om ris op Helgolân te sjen. Foar de dielnimmers is in eks- kurzjeprogram op it eilân taret.

De freedtemoarns is it mooglik om mei de boat om Helgolân te farren.

Yn it ramt fan de kulturele útwikseling mei de beide oare Fryslannen giet de Snitser dûngroep Yduna mei.

De sneintemoarns is der wer in oekume- nyske en Fryske tsjerketsjinst op it eilân. De tsiende Helgolânreis luts foar trije jier 220 dielnimmers.

Opjeften foar de reis kinne dien wurde by de Fryske Rie, 058-134615, Postbus 805, 8901 BP Ljouwert. Op dat plak kin ek it program anneks opjefteformulier oanfrege wurde. ■

'Prevalansipawden' en beangnet-rozen

De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen.

De Fryske Rie

De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen.

De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen.

De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen.

De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen.

De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen. De Fryske Rie hat in foarkeap fan de 'Prevalansipawden' en beangnet-rozen.



The pie chart illustrates the distribution of data across various categories. The largest segment is blue, followed by green and yellow. The chart is used to represent the results of a survey or study.

The pie chart illustrates the distribution of data across various categories. The largest segment is blue, followed by green and yellow. The chart is used to represent the results of a survey or study.

The pie chart illustrates the distribution of data across various categories. The largest segment is blue, followed by green and yellow. The chart is used to represent the results of a survey or study.

The pie chart illustrates the distribution of data across various categories. The largest segment is blue, followed by green and yellow. The chart is used to represent the results of a survey or study.